

Ûnderwerp : Provinsjaal programma ferbettering bioferskaat
Beliedsprogramma :
Registraasjenûmer : 01866291
Portefúlgehâlder : D. Hoogland

**Behanneljend
amtner** :



Oanlieding : De provinsje is beliedsferantwurdlik foar it útfieren fan it natuerbelied. Yn it Natuurpact mei it Ryk binne ôfspraken oer taken en finânsjes makke. Dêr wurdt hurd oan wurke. Nettsjinsteande dat wurdt lanlik en ek provinsjaal konstataarre dat it tal plante- en bistesoarten, lykas ynsekten en greidefûgels ôfnimt. Soarterferlies is in yndikaasje foar de kwaliteit fan it hiele libbensfermidden. De fermindering fan soarten hat úteinlik in hiel breed effekt op de produksje fan iten, de sûnens en it wjerfarren fan de omkriten. Oanliedings om yn it Bestjoersakkoart 2019-2023 ôf te praten dat der in ferbetterprogramma bioferskaat opsteld wurdt. Dêrneist is yn de provinsjale Omjouwingsfisy it ophelpen fan bioferskaat as driuwende opjefte beneamd, dy't yn gearspraak mei partners útwurke wurde sil.

**Europeeske
kontekst** : Yn de wetlike taken en ferantwurdlikheden dy't de provinsje op it mêd fan natuer en bioferskaat hat, wurkje de Europeeske Vogel- en Habitatrjochtline troch. Op grûn fan dy rjochtlinen binne yn Nederlân de Natura 2000 gebieten oanwiisd (gebiedsbeskerming). Dêrneist is yn dyselde rjochtlinen de ferantwurdlikens foar kwetsbere en beskerme soarten fêstlein. Omdat der op Europeesk nivo ôfspraken oer bioferskaat binne, binne der ek geregeld mooglikheden om mei Europeeske middels oan natuer te wurkjen. LIFE subsydzjes binne dêr in foarbyld fan.

Koarte gearfetting : Resultaat 9 út it bestjoersakkoart giet oer it neikommende: 'der is in programma om it bioferskaat te ferbetterjen'. It doel fan it programma is de delgeande line fan bioferskaat (soarterykdom) om te bûgen. Mei dat programma wurdt boppedat útfiering oan de Omjouwingsfisy jûn. Dêryn is oanjûn dat de opjefte mienskiplik mei partners programmatysk útwurke wurdt. Lykas yn de startnotysje (PS 16-09-2020) oanjûn is, is in yntern en in ekstern spoar trochrûn. It programma rjochtet him benammen op ferbettering, ferbining en ynnovaasje fan wat der al bart. Beide spoaren binne byinoar brocht yn de mienskiplike Aginda ferbettering bioferskaat Fryslân.

Beslútpunten :
1. It programma ferbettering bioferskaat fêst te stellen en DS opdracht te jaan útfiering oan de dêryn foarstelde spearpunten te jaan;
2. Yn te stimmen mei de start fan de gearwurking tusken oerheden, organisaasjes en partikulieren yn Fryslân, oant en mei op syn minst 2023;
3. Yn te stimmen mei in jierlikse konkretisearing fan de aksjelist;

4. Yn te stimmen mei (A) de provinsjale regyrol yn de koördinaasje fan it programma en de mienskiplikheid fan de útfiering dêrfan. Der wurdt foar alle aktiviteiten apart neier fêststeld wa't de lûker is.

Taheakke : Programma Ferbettering Biodiversiteit Fryslân
Advys PCLG

Taljochting :

Kontekst : **Relaasje Omjouwingsfisy**
Yn de Omjouwingsfisy dy't op 23 septimber 2020 troch PS fêststeld is, is in driuwende opjefte foar Bioferskaat op it aljemint brocht. De Omjouwingsfisy befettet ek de wetlik ferplichte natuerfisy.

As tarieding fan de Omjouwingsfisy is in brede dialooch mei de Fryske mienskip fierd oer de takomst fan it lanlik gebiet. Dy dialooch is yn 'e mande mei de Fryske gemeenten en it Wetterskip organisearre. Dêr kaam it ferbetterjen fan it bioferskaat ek as driuwende opjefte út nei foaren. Mei gemeenten en Wetterskip is konstatearre dat dat in mienskiplike opjefte is. Yn De Fryske Oanpak (DFA) is wilens ôfpraat op dat punt gear te wurkjen.

Mienskiplik wurkje oan driuwende opjefte, Breed berik

It ferbetterjen fan bioferskaat freget om in gearhingjende brede strategy, dy't yn ferskate ûnderdielen en beliedsfjilden yn de provinsjale organisaasje troch wurket en yn 'e mande mei ús partners en mei-oerheden opsteld is. Wichtige strategy bestiet út it sûnder ophâlden trochwurkjen oan de basis: de kwaliteit fan wetter, grûn, lucht, lânskip, it natuernetwurk, Natura 2000. Dêrneist wurde inkelde spearpunten formulearre. Dat binne: it fuortsterkjen fan de gearwurking tusken oerheden en griene organisaasjes, it realisearjen fan ferbining yn kennis, en fysike ferbinings tusken libbensgebieten. Dêrneist wurdt ynset op it befoarderjen fan natuer-ynklusyf ûntwerpen fan nije ûntwikkelingen, ek by it realisearjen fan oare opjeften (klimaatadaptaasje, enerzjytransysje), projekten en gebietsûntwikkelingen.

Relaasje mei resultaten fan it bestjoersakkoart

Mei dizze brede strategy is aktyf oansluting socht by meardere resultaten út it bestjoersakkoart. It ferbetterprogramma bioferskaat is de fierdere útwurking fan Resultaat 9 út it bestjoersakkoart 2019 – 2023. De resultaten 10, 11, 18 en 19 binne dêrby behelle. Dêryn giet it om de greidefûgels, it ynrjochtsjen fan it natuernetwurk, it organyske stofgehalte yn de grûn en de biologyske lânbou.

Fia it konsept natuerynklusyf wurkje wurdt ûnder oare ek oansluting socht by ûnderwerpen as lânskip, de RES, Klimaatadaptaasje, Feangreide en sirkulêre ekonomy.

It boppeneamd breed berik en de brede strategy binne de oanliedings om yn de startnotysje in yntern en in ekstern trajekt te

beneamen. Dêryn wurdt breed sjoen nei oanknopingspunten foar ferbining en ferbettering fan wat der al bart.

Aginda of programma?

De titel fan it stik dat no oan PS foarlein wurdt, is: Provinsjaal Programma ferbettering bioferskaat. De kern fan dit dokumint is de mei partners mienskiplik opstelde Aginda ferbettering bioferskaat Fryslân. Dy mienskiplike aginda is yntegraal opnommen yn it provinsjaal programma ferbettering bioferskaat. Yn it earste haadstik fan it dokumint is oanjûn hoe't dy aginda yn provinsjale aksjes en belied trochwurket.

Status fan it programma ferbettering bioferskaat op grûn fan de Omgevingswet

Hoewol't it programma ferbettering bioferskaat útfiering jout oan ien fan de ôfspraken yn de provinsjale Omjouwingsfisy, is it foarlizzende dokumint noch net te beskôgjen as it Omjouwingsprogramma Natuer/bioferskaat. It hat in oar karakter. It is in aginda mei partners om oan de slach te gean mei ferbetterpunten foar bioferskaat. Yn it dokumint sels is dat ek oanjûn. Yn it takomstige omjouwingsprogramma Natuer/bioferskaat kinne de aksjepunten út it programma ferbettering bioferskaat in plak krije. Dat betsjut dat de formele proseduere-easken dy't de Omgevingswet yn kâst 3:4 beskriuwt hjir net op fan tapassing binne.

Moasjes en tasizzings

- 2.442: ynsicht yn efterútgong wylst der al grutte ynvestearrings dien wurde

Yn it dokumint wurde de oarsaken foar de efterútgong fan bioferskaat oanjûn. Dy oarsaken rikke fierder as wy mei ús natuerpakt ôfspraken beynfloedzje kinne.

- 2.441/ 2.314: by ynnovaasjes foar bioferskaat sa min mooglik gebrûk meitsje fan regeljouwing/ mei in bytsje regels útfiere

Yn it aksjeprogramma komme op it stuit gjin útstellen foar oanfoljende regeljouwing foar.

- 2.440: kontinuïteit en sichtberens fan de effekten garandearje

It programma is rjochte op in lange termyngearwurking. De resultaten wurde SMART formulearre.

- 2.439: ûndersyk nei splis-wietgebieten meinimme
- Yn de evaluaasje fan it greidefûgelbelied en de startnotysje nota greidefûgels 2021-2030 is dat oan de oarder.

- 2.438: It rapport fan de Noardelijke rekenkamer oer duorsume lânbou derby behelje: wat hawwe wy leard fan oare provinsjes oer monitoaring

Der is in SMARTe doelstelling ôfpraat, de dielaksjes sille konkreet formulearre wurde.

- 2.437: de ramten foar duorsume lânbou yn it rapport meinimme

It belang fan in suksesfolle lânboutransysje rjochting in natuerynkklusive lânbou is mei klam op it aljemint brocht.

- 2.45: Yn 'e mande mei gemeenten, Wetterskip en partners Smarte doelen mei yndikatoaren formulearje

Dat wurdt foar alle aksjes dien.

- Probleemstelling** : Hoe geane wy as provinsje Fryslân programmatysk oan 'e slach mei in mienskiplike aginda ferbettering bioferskaat, sadat dat yn de provinsje liedt ta mear biste- en plantesoarten. Hoe soargje wy dat de aksjes út de mienskiplike aginda foar it ferbetterjen fan it bioferskaat yn gearwurking mei oare partners yn Fryslân suksesfol útfierd wurde en liede ta it ombûgen fan de delgeande nei in opgeande line yn it bioferskaat.
- Probleemanalyze** : Nettsjinsteande de útfiering fan it Natuerpakt nimt de rykdom oan plante- en bistesoarten ôf. De oarsaak is it ôfnimmen fan oerflak en kwaliteit fan libbensgebieten (yn brede sin) en de ferbinings dêrtusken. Guon libbensgebieten (sompgegebieten) litte ferbettering sjen, mar net oer it gehiel. Benammen kwetsbere en beskerme soarten freegje omtinken. It werombringen fan de fariëteit oan soarten, ecosystemen en lânskippen is fan belang foar in rikere natuer én is ek de basis foar ús wolwêzen en brede wolfeart. In libbene en fariearre grûn en genôch bestowende ynsekten foarmje de basis foar in sûne en takomstbestindige produksje fan iten.
- Doelstelling / beëage effekten:** : Mei de aginda ferbettering Bioferskaat en de dêrút folgjende aksjes wurkje wy nei in kleurryk, bloeiend en libben Fryslân ta en nei in opgeande line yn de soarterykdom fan Fryslân. In resultaat dat berikt wurdt troch de enerzjy en it entûsjasme yn alle lagen fan de Fryske mienskip op dit mêd byinoar te bringen en nei in heger plan te tillen.
- Risiko's** : By de mienskiplike aginda binne de Fryske oerheden, partners en mienskip behelle. Yn dat mienskiplike trajekt binne wy ien fan de partners. Yn de útfiering kin dat betsjutte dat der oare winsken en easken nei foaren komme kinne oangeande de útfiering fan it trajekt as no foarsjoen wurde kin.
- Probleemoplossing** : It programma Ferbettering bioferskaat befettet in aginda om te kommen ta ferbettering fan bioferskaat, basearre op in brede ferkenning nei ferbetterpunten, yn de ynhâld likegoed as yn de gearwurking. Dy aginda wurdt oan PS foarlein.
- Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging** : Wy stelle oan jimme Steaten foar:
1. It programma ferbettering bioferskaat fêst te stellen en DS opdracht te jaan oan de dêryn foarstelde spearpunten útfiering te jaan.
 2. Yn te stimmen mei de start fan de gearwurking tusken oerheden, organisaasjes en partikulieren yn Fryslân, op syn minst oant en mei 2023.

3. Yn te stimmen mei in jierlikse konkretisearing fan de aksjelist.
4. Yn te stimmen mei (A) de provinsjale regyrol yn de koördinaasje fan it programma en de mienskiplikheid fan de útfiering dêrfan. Der wurdt foar alle aktiviteiten apart neier fêststeld wa't de lûker is.

Útfiering

: Yn it programma ferbettering bioferskaat wurdt in útstel dien foar maatregels en ferfolchaksjes en de programmearring dêrfan.
 Nei't de aginda oan alle partners foarlein is, wurdt op 1 july 2021 feitlik begûn mei de mienskiplike útfiering. Der wurde oare ôfspraken makke wa't hokker programmaûnderdiel c.q. aksjepunt útfiert en foar alle aksjes dy't úteinsette, sille mjitbere resultaten fêstlein wurde. Yn de perioade oant 1 july 2021 wurdt de útfieringsorganisaasje ek útwurke.
 It programma wurdt alle jierren bysteld.

Monitoaring/evaluaasje

: Wy soargje derfoar dat der yn it earste jierplan(foar 1 july e.k.) heldere ôfspraken makke binne oer de wize fan monitoarjen fan de resultaten en oer de mominten dat der evaluatearre en rapportearre wurdt. De resultaten wurde op twa nivo's byhâlden:

- Op it nivo fan de doelstelling fan it programma: de kurve fan bioferskaat en de soarten fan Frysk belang. Dêrby wurdt safolle mooglik fan de Living Plant Index gebrûk makke.
- En op it nivo fan resultaten fan de aksjes dy't yn de aginda opnommen binne.

Stjoering

: By de útfiering fan it ferbetterprogramma kiest de provinsje de regyrol. By de útwurking en útfiering fan de maatregels yn it programma ferbettering bioferskaat sil it eigenskip en de koördinaasjerol de aksje ferskille.

Mei de partners wurdt alle jierren in aksjelist/jierprogramma foar it takommende jier fêststeld. Yn de Beraps wurdt oer de fuortgong fan de ferskate spearpunten út it Programma ferbettering bioferskaat oan PS rapportearre. DS stelt it jierprogramma fêst en stjoert dat foar kundskip oan PS.

Ferfolchproseduere

: Nei't oan alle partijen de fraach foarlein is oft se aktive ynbring leverje wolle yn de gearwurking dy't mei dizze mienskiplike aginda úteinset, sil op 1 july 2021 de ôftraap jûn wurde oan de útfiering fan de aginda.
 PS wurdt alle jierren fia de Berap oer de fuortgong en de resultaten fan de ôfprate spearpunten ynformearre.
 It budzjet dat PS reservearre hat rint oant en mei 2023. De yntinsje fan de mienskiplike aginda is om ta in bliuwende gearwurking te kommen. Yn 2023 sil op basis fan in evaluaasje in útstel oan PS dien wurde oft en hoe't it ferfolch fan de gearwurking oanpakt wurdt.

Oare punten

- : It karakter fan dizze mienskiplike aginda. De aksjelist dy't ûnderdiel útmakket jout in grut tal aksjes oan dy't fierder útwurke wurde moatte. De aginda sil in dynamysk dokumint wêze. Foar alle jierren apart wurde konkrete aksjes ôfpraat. Op basis fan de útfiering wurdt it jierprogramma foar it kommende jier konkreet makke en foarsteld. It dokumint is in startdokumint foar gearwurking op it mêd fan bioferskaat. In tal aksjes is wilens troch de provinsje op fersyk fan de partners yn beweging set, om mei faasje te begjinnen.

Wat freget dizze mienskiplike aginda fan de provinsje?

- In regyrol ferfolje by de útfiering fan de mienskiplike Aginda bioferskaat Fryslân. Dat betsjut stal jaan oan in útfieringsstruktuer yn gearspraak mei de partners.
- De aksjelist konkreet yn jierprogramma's útwurkje, mei konkrete SMART resultaten
- De basis op oarder
Ferankering fan bioferskaat yn beliedsmêden en opjeften. Dêr hearre yn alle gefallen de Aginda Lânbou, it programma Lânskip, de KRW en de ekologyske kwaliteit fan oare wetters, it beliedsramt Boaiem, en ferskate gebietsprosessen by. Dêrneist is it realisearjen fan it NNN, it útfieren fan behearplannen Natura 2000, it natuerbehear, it agrarysk natuerbehear in wichtige rânebetingst. Foar al dy mêden en opjeften binne ekstra aksjepunten yn de ferbetteraginda opnommen.
It doel fan dit spearpunt is dat yn de neamde trajekten de agindearre aksjepunten sichtber opnommen binne, sa dat dy optimaal oan it fuortsterkjen fan it bioferskaat bydrage.
- Kennis ûntwikkelje en ûntslute
It ynhâldlik en finansjeel bydragen oan de opset fan in kennisplatfoarm, dêr't kennis beskikber steld en ûntwikkele wurdt. Dêrby moat tocht wurde oan doelbylden op basis fan lânskipstypen, en konkrete hantrikkings foar ynsekten (dy't der al is, mar noch fierder ûntwikkele wurde kin) mar ek foar soarten fan Frysk belang en foar monitoaring. Ek ynsicht yn rinnende gebietsprosessen en inisjativen is relevante ynformaasje. Fansels wurdt safolle mooglik by besteande kennis oansletten.
It doel fan dit spearpunt is in ynrjochte kennisplatfoarm mei tagonklike ynformaasje/ goed ark foar de ferbettering fan bioferskaat, sa dat partijen en inisjativen mei harren inisjativen optimaal oan it fuortsterkjen fan bioferskaat bydrage.

- Kennis diele

Ynhâldlik en finansjeel bydrage oan it ûntwikkeljen fan in taskforce bioferskaat. Dy is tarist om kennis oer it ferbetterjen fan bioferskaat (gebrûk meitsjend fan it kennisplatfoarm) doelbewust by de ferskate doelgroepen, inisjativen en gebietsprosessen yn te bringen. De taskforce makket gebrûk fan de kennis dy't ûntwikkele is en op it kennisplatfoarm tagonklik makke is. De taskforce bestiet út in tal funksjes. Neamd wurdt in kwartiermakker foar gebietsprosessen, in kennismakelder, in provinsjaal bioferskaatteam, in adviseur foar it platfoarm. Dat binne de ideeën dy't noch fierder konkreet makke wurde. Yn de taskforce wurdt gearwurke oan it advisearjen en agindearjen fan bioferskaat yn projekten, inisjativen en opjeften. Der wurdt gebrûk makke fan en oansletten op kennis dy't beskikber is.

It doel fan dit spearpunt is in goed funksjonearijende gearwurking (taskforce) om kennis by de ferskate doelgroepen oan te bieden, sa dat inisjativen, foarsjoen fan goede advizen, optimaal oan ferbettering fan bioferskaat bydrage kinne.
- Bewustwurding en edukaasje

Finansjeel bydrage oan en it ynhâldlik stypjen fan bewustwurdingskampanjes, rjochte op ferskate doelgroepen. It inisjatyf fan dizze aksjes leit by IVN, FMF en Kening. De provinsje draacht fia budzjetssubsydzjes ek al oan dy organisaasjes by. Doelbewuste kampanjes kinne oanfoljend budzjet freegje.

It doel fan dit spearpunt is it realisearjen fan in tanimmen fan ynteressearre persoanen, sa dat dy aktyf bydrage wolle oan ferbettering fan bioferskaat, bygl. troch keapgedrach, frijwilligerswurk of mei natuerynklusive aksjes yn de eigen omkriten.
- Ferbinings realisearje

As behearder fan diken en farwegen aktyf meidwaan oan ôfspraken mei oare behearders fan diken en wâlkanten (benammen oerheden) oer it ôfstimmen en mooglik oanpassen fan it fierde behear fan diken, wâlkanten en kaden. Mei ús regulier behear de ferbinings lizze mei it gearhingjend netwurk fan ekologysk behear.

It doel fan dit spearpunt is in gearhingjende fisjy en ôfspraken oer optimaal / bioferskaat behear troch behearders fan diken en wâlkanten, boeren en partikulieren fan it Fryske netwurk, sa dat dy optimaal bydrage oan de ferbining tusken libbensgebieten en fan soarten en sels ek diel útmeitsje fan dat libbensgebiet en dêrmei optimaal oan it fuortsterkjen fan bioferskaat bydrage.

- Natuerynklusyf wurkje

Yn de provinsjale Omjouwingsfisy is it útgangspunt: Natuerynklusyf wurkje (opjeften keppelje, romtlike kwaliteiten as útgangspunt brûke) al fia de 9 prinsipen fêstlein. Om dat yn de praktyk te bringen is in aktive opstelling wichtich. In provinsjaal bioferskaatteam (dat ûnderdiel fan de provinsjale taskforce bioferskaat is) kin dêrby helpe. Tink oan konkrete advizen rjochting de projekten, dy't yn it Iepen Mienskips Fûns ynbrocht wurde, of it helpen ûntwikkeljen fan pachtbetingsten oangeande bioferskaat.

It doel fan dit spearpunt is in werkenbere natuerynklusive wurkwize yn fisys, plannen en projekten by de Fryske oerheden ynklusyf de provinsje, sa dat in natuerynklusive wurkwize in fanselsprekkende wurkwize wurdt.

Yn de aginda is yn it aktiviteitskema oanjûn dat der ynset wurdt op it realisearjen fan in ferplichte paragraaf oer bioferskaat yn alle oerheidsfisys en RO-plannen. Wy stelle hjir in tekstwiziging foar: Realisearjen ferplichte paragraaf oer bioferskaat feroarje yn: In paragraaf oer bioferskaat befoarderje.

Karren foar PS

Yn de startnotysje hat PS (op 16 septimber 2020) keazen foar in regyrol yn it ta stân kommen fan de aginda, en yn de útfiering de taak- en rolferdieling iepen te litten. No't it programma foarleit, komt dy fraach op in wat oare manier werom, no oer de regyrol yn de koördinaasje op de útfiering fan it mienskiplike programma en de rol- en taakferdieling fan de útfieringsaksjes.

De provinsjale rol is yn it programma as neikomt beskreaun:
A. de provinsje fiert de regy op de koördinaasje fan it programma en de mienskiplikheid fan de útfiering dêrfan. Der wurdt foar alle aktiviteiten apart fêststeld wa't de lûker is.

Foar dizze kar kinne alternativen betocht wurde:

B. De provinsje nimt de regy yn de koördinaasje fan it programma likegoed as yn de útfiering fan de beskreaune aksjes.

Mei it each op de wichtige formele provinsjale taak op it mêd fan bioferskaat betsjut it dat wy mear gryp op de planning en útfiering fan aktiviteiten hawwe. Lykwols net by alle útfieringsaktiviteiten leit de ferantwurdlikheid by de provinsje. Op grûn fan de omjouwingsfisysprinsipen 'desintraal wat kin en rolbewust' en de eardere bestjoerlike útspraken fan de oanbelangjende partijen om dat as in mienskiplike opjeftje op te pakken, is dit dus gjin foar de hân lizzende kar.

C. De provinsje lit de útfiering fan de aginda los en nimt gjin aktive rol. De provinsje wurket allinne mei as der in fraach komt.

Op grûn fan de ôfspraken yn it bestjoersakkoart en de Omjouwingsfisy is dúdlik dat der al foar in aktive rol keazen is. Sa'n kar past net by de ferantwurdlikheid dy't de provinsje wetlik hat oangeande it bioferskaat. De driuwende opjefte dy't konstatearre is, freget in ekstra ynspanning. It heljen fan de stelde doelen oangeande bioferskaat freget in aktive rol fan de provinsje.

DS advisearret jimme Steaten te kiezen foar in regyrol, lykas ûnder A formulearre.

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius – Riemersma, MBA MCM, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Provinsjaal programma ferbettering bioferskaat**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 30 maart 2021 oangeande it programma ferbettering bioferskaat

Mei it each op

De útfiering fan it bestjoersakkoart op dit ûnderwerp

Oerwagende dat : De provinsje in wichtige taak hat op it mêd fan natuer en bioferskaat; it bioferskaat noch hieltyd foar it meastepart in delgeande line sjen lit; en der yn it bestjoersakkoart oanjûn is dat der in programma ferbettering bioferskaat opsteld wurdt,

Beslute : 1. It programma ferbettering bioferskaat fêst te stellen en DS opdracht te jaan útfiering oan de dêryn foarstelde spearpunten te jaan;
2. Yn te stimmen mei de start fan de gearwurking tusken oerheden, organisaasjes en partikulieren yn Fryslân, oant en mei op syn minst 2023;
3. Yn te stimmen mei in jierlikse konkretisearing fan de aksjelist;
4. Yn te stimmen mei (A) de provinsjale regyrol yn de koördinaasje fan it programma en de mienskiplikheid fan de útfiering dêrfan. Der wurdt foar alle aktiviteiten apart neier fêststeld wa't de lûker is.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier